

# Moetings- en ynspiraasjedei foar Friezen om Utens

Wannear: 22 oktober 2016

Wêr: multifunksjoneel Sintrum “de Kiekmure”  
Tesselschadelaan 1  
3842 GA Harderwijk



## Utnoeging

It Frysk Boun om Utens hie de tradysje dat om de twa jier in **Kaderwykein** organisearre waard op Fredeshiem by Stienwyk.

Kaderwykein: it wurd seit it eins al – it wie bedoeld foar it kader – de bestjoersleden fan de Fryske krite yn Nederlân. De tiden feroarje lykwols. Dat witte we allegearre. Op de lêste Algemiene Gearkomste is der wiidweidich oer praat. It bestjoer wol graach sa folle mooglik Friezen om Utens by ús aktiviteiten belûke. Dêrom is **Plan23** op de planken kaam. Foar it bestjoer fan It Boun reden om mei **dit plan** al dy Friezen om Utens, dy't der noch wol binne, mar net mear by in krite oansluten binne, dochs de kâns te bieden op 'e hichte te bliuwen fan it Krite- en Bounslibben. Men kin as e-mailstiper ferbûn bliuwe mei It FBOU.

Yn de lêsthouden Algemiene Gearkomste yn Hoarn begjin april is de ôfspraak makke om it Kaderwykein in nije foarm en ynhâld te jaan: it wurdt no in **Moetings- en Ynspiraasjedei** en dan foar alle Friezen om Utens. Yn gearwurking mei de Fryske Krite “Meiinoar Ien” fan Hurderwyk en omkriten is der keazen foar dizze lokaasje – kreas yn 't sintrum fan it lân. De jûnes soarget de krite foar it programma : it teaterduo **Jan Arents en Marijke Geertsma** komme dy jûn om harren teaterfoarstelling “**It Jubileum**” op te fieren.

**Sneon 22 oktober binne jimme wolkom yn Hurderwyk.** It fernijde Multifunksjonele Sintrum “de Kiekmure” is de lokaasje. Moarns fanôf 09.30 oere binne jimme wolkom!

### It programma foar dy dei:

- 10.00 oere Wolkom troch de foarsitter fan It Frysk Boun om Utens, dhr. Hâns Dijk
- 10.15 oere Ynlieding troch **dr. Alex M. J. Riemersma** fan Frjentsjer oer **de posysje fan de Fryske taal as minderheidstaal yn Europa**.  
Riemersma is Lektor Frysk en Meartaligens oan yn it ûnderwiis en opfieding, ferbûn oan Stenden en NHL hegeskoalle yn Ljouwert.  
Nei syn ynlieding is der romte foar petear en fragen.
- 12.30 oere Skoft – tiid foar de lunsj.
- 13.30 oere Ynlieding troch Jan Arents en Marijke Geertsma oer **it Frysk teater- en toaniellibben – hat it noch takomst? Feral nijsgjirrich foar in elk dy't nocht en wille hat oan teater, kabaret en toaniel**.  
Ek hjir: romte foar petear en fragen.
- 16.00 oere Sluten fan it programma fan oerdeis.

## **Jûnsprogramma:**

De doarren fan “de Kiekmure” binne om 19.00 oere iepen.

Om 19.30 oere wurdt de jûn iepene en dan is it oan **Jan Arents en Marijke Geertsma** om harren “**Jubileum**” op ‘e planken te bringen. Yn ‘t skoft wurde der lotsjes ferkocht: 1 setsje fan 4 foar € 1,00 – 3 setsjes fan 4 foar € 2,50 en 6 setsjes foar € 5,00. Nei ôfrin fan de teaterfoarstelling is de trekking.  
Yntree: foar leden fan de eigen krite: € 10,00 - foar alle oaren: € 15,00.

## **Wy tinke dat der sa in kreas programma gearstald is.**

Om genôch sealromte te regeljen wolle wy graach op ‘e tiid witte op hoefolle minsken wy rekkenje moatte – jou dêrom **foar 1 oktober** fia de mail troch oan de skriuwer fan it FBoU ([skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl](mailto:skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl)) mei hoefolle minsken jo nei Hurderwyk komme wolle en of jo komme foar de hiele dei, foar oerdeis of foar de jûn.

Foar it programma oerdeis kinne jo yn de Kiekmure in lunsj foar € 11,50 krije – oare kosten foar oerdeis binne op it stuit noch net dúdlik.

Nei 1 oktober krije alle ynskriuwers in befestiging tastjoerd – dan is fêst wol dúdlik wat de totale kosten foar dy dei binne.

**Ut namme fan It Frysk Boun om Utens, Kees van der Beek, skriuwer**



**Ut namme fan de Fryske Krite “Meiinoar Ien” fan Hurderwyk e.o., Kees van der Beek**